

Yn de tiid fan de guillotine

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 534 7

1e printing 2023

© 2023, Charles Dickens, A Tale of Two Cities, 1859

Oersetting: Geart fan der Mear

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Omslach: Marie-Antoinette ûnder de guillotine (detail), skilder ûnbekend

Útjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/ of iepenbier makke wurde troch middel fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

YN DE TIID FAN DE GUILLOTINE

Charles Dickens

Oersetting: Geart fan der Mear



HAADSTIK I

De Tiid

It wie de bêste tiid, it wie de minste tiid, it wienen de dagen fan de wiisheid, it wienen de dagen fan de dwaasheid, it wie it tiidrek dat men leaude, it wie it tiidrek dat men net leaude, it wie it seizoen fan it Ljocht, it wie it seizoen fan it Tsjuster, it wie de maityd fan de hoop, it wie de winter fan it wanhoop, we hienen noch fan alles om nei út te sjen, we hienen neat om nei út te sjen, we soenen allegear daalk nei de himel gean, we soenen allegear daalk de oare kant út gean – om koart te gean, dy tiden liken sa bot op dy fan no, dat sommigen fan de lûdst roppende autoriteiten op dat gebiet bewarden dat dy allinne mar besjoen wurde koenen yn de oertreffende trep fan fergelikingen, yn goede of yn ferkearde sin.

Der sieten in koaning mei in swier kin en in koaninginne mei in ûnkreas gesicht op de troan fan Ingelân; der sieten in koaning mei in swier kin en in koaninginne mei in kreas gesicht op de troan fan Frankryk. Yn beide lannen wie it de hearen fan de steatsfoarrieden fan brea en fisk noch dúdliker as kristal dat der yn algemiene sin noait wat feroarje soe.

It wie it jier des Heare 1775. Yn dy mei goedgeunst segene tiid, lykas ek no noch, ûntfong Ingelân spirituele iepenbieringen. Frou Southcott hie koartlyn de segene leeftyd berikt fan fiifentweintich jier, en in profetise soldaat yn de Life Guards hie har ferheven ferskinning ferkundige troch te melden dat Londen en Westminster mei gauwens fan de kaart fage wurde soenen. Sels it spook fan Cock Lane hie noch mar presys tolf jier lyn wer rêst fûn, nei syn boadskippen troch klopjen trochjûn te hawwen, sa't de geasten fan presys ferline jier (op boppenatuerlike manier heel frij fan orizjinaliteit) har boadskippen ek kloppe hienen. Gewoane boadskippen fan ierdske saken hienen koartlyn de Ingelse Kroan en it Folk berikt fan in gearkomste fan Britse ûnderdanen yn Amearika,

dy't nuver om te sizzen belangriker blike west te hawwen foar it minskdom as hokker boadskippen dan ek dy't troch middel fan de hinnen fan Cock Lane ûntfongen wienen.

Frankryk, oer it algemien minder begeunstige yn spirituele saken as har suster fan it skyld en de trijetosk, rôle o sa soepeltsjes berchôf troch papierjild te meitsjen en út te jaan. Under de lieding fan har kristlike sielehoeders fermakke sij har dêrnêst mei sokke humane prestaasjes as in jonge te feroardelen ta it ôfkappen fan syn hannen, it mei tangen útskuorren fan syn tonge, en it libben ferbrânen fan syn lichem, omdat dy bij reinich waar net op knibbels fallen wie om in gruzige prosessy fan mûntsen te earjen, dy't sa'n fyftich meter fan him ôf foarbijkommen wie. Wylst dy earne stakkert deamakke waard is it net ûnwierskynlik dat, woarteljend ergens yn de bosken fan Frankryk en Noarwegen, beammen stienen dy't al troch de Houthakker Needlot oanmerke wienen om kapt en ta planken fersage te wurden om dêr in seker ferpleatsber ramt fan te meitsjen mei in sek en in mes, grouwêlich yn de skiednis. It is frij wierskynlik dat der yn de ienfâldige skuorkes fan de bewurkers fan de swiere grûn yn de omkriten fan Parys dy seldichste dei noch, ôfskerme tsjin waar en wyn, simpele weinen stien hawwe, ûnder de boeresmoargens, besnúfd troch bargaen, en benestele troch hinnen, dy't de Boer, de Dea, al klearset hie om de dongkarren fan de Revolúsje te wurden. Mar dy Houtkapper en dy Boer, ek al arbeidzje dy ûnophâldlik, wurkje ek swijsum, en gjinien hearde se, wylst se mei stille trêd omrûnen; of earder, foarsafier't jo har derfan fertochten dat se wekker wienen, dan wienen jo in ateïst en in ferrieder.

Yn Ingelân wie der amper oarder en feilichheid om as folk grutsk oer opskeppe te kinnen. Yn de haadstêd sels waard der troch bewapene mannen ynbrutsen en op de trochgeande diken waard men bestellen, elke nacht wer; famyljes waarden publikelik warskôge om net de stêd út te gean sûnder har meubels yn opslachromten fan meubelmakkers feilich op te slaan; de strjitrover yn it tsjuster wie bij deiljocht in keapman, en as dy herkend waard en útdage troch syn kollega-keapman, dy't er tsjinhold yn syn hoedanichheid

fan ‘de kaptein’, dan skeat er dy drystwei troch de holle en ried er fuort; de postkoets waard troch sân rovers oerfallen en de bewaker skeat trije fan har dea, en waard doe troch de oare fjouwer sels deasketten, ‘omreden dat syn ammunysje it net die’, wêrnei’t de post yn frede stellen waard; dy geweldige potentaat, de Lord Mayor fan Londen, moast op Turnham Green de hannen omheechstekke op befel fan ien strjitrover, dy’t dy illústere figuer yn it sicht fan syn hele gefolch beroofde; gefangenen yn Londen leveren fjildslaggen mei har sipiers, en it rjucht fjurre yn syn ferhevenheid donderbussen op har ôf mei skroat en kûgels; diven knipten krusen fan diamant fan de hals fan edele hearen yn salons oan it Hof; musketiers rûnen de St. Giles yn om te sykjen om smokkelwaren, en de musketiers skeaten op it rapalje, en it rapalje skeat op de musketiers, en de musketiers wer op it rapalje, en gjinien fûn ien fan dy foarfallen o sa bysûnder. Underwilens wie der allegeduerich ferlet fan de beul, jimmer drok beset en jimmer totaal nutteloos, dan wer lange rigen fan misdiedigers fan alderlei aard ophingjend, of in ynbrekker op sneon dy’t op tiisdei oppakt wie, en dan wer yn Newgate boskjes minsken op de hân brânmerkjend, of pamfletten ferbrânend bij de doar fan Westminster Hall; hjoed in grouwélige moardner it libben benimmend, en moarn dat fan in stumperige krommeldiif dy’t in boerejonge in seispenningsmuntsje ôfstellen hie.

Al dy dingen, en tûzen oare krekt sa, gebeurden yn en flak foar en nei dat skoandere jier 1775. Middenmank dy foarfallen, wylst de Houthakker en de Boer ûngemurkenwei har wurk berêden, foelen dy twa fan it swiere kin en dy oaren mei it ûnkreas en it kreas gesicht wol deeglik bij al har dwaan en litten op, en holden se har godlik rjucht heech. Sa late it jier 1775 har Heechheden en myriaden ûnbetsjuttende skepseltsjes – mei ynbegryp fan de skepsels fan dizze kronyk – de wegen lâns dy’t foar har leinen.

HAADSTIK II

De Postkoets

It wie de wei nei Dover dy't, op in freedtejûn ein novimber, foar de earste persoan lei dêr't dizze skiednis mei te meitsjen hat. Dy wei nei Dover lei wat him oanbelange oan de oare kant fan de postkoets nei Dover, wylst dy bij Shooter's Hill opwrotte. Hij rûn yn de blabze nest de koets omheech, lykas de oare passazjiers, net omdat se sa'n nocht oan in kuier yn dy omstandichheden hienen, mar omdat de heuvel en it gereid en de modder en de post allegear sa swier wienen, dat de hynders al trije kear stoppe wienen, en ienkear sels de koets dwers oer de dyk lutsen hienen, mei it rebelsk foarnimmen om him wer nei Blackheath werom te bringen. Leien en de swipe en de koetsier en de kondukteur hienen lykwols it oarlochsartikel opsein dat in plan ferbea dat fierder in bulte stipe jûch oan it argumint dat guon stomme dieren mei rede bejeftige binne, en it span hynders hie belies jûn en har wurk wer opfette.

Mei hingjende kop en triljende sturt peazgen se troch de swiere modder, gauris stroffeljend en útglydskjend, krekt as foel har de lea útelkoar. Alle kearen as de koetsier har even bekomme liet en stilhold, mei in hoeden 'Ho mar, ho eventsjes!' skodde it liedend hynder fûl mei de kop en alles wat derop siet – as in bûtengewoan stiifkoppich hynder, dat him ûntstried dat dy koets bij de heuvel oplutsen wurde koe. Alle kearen as dy lieder sa kopskodde waard dy passazjier kjel, sa't in senuwachtige passazjier dwaan kin, en hie er syn moed net rjucht.

Der hong in dampende mist yn alle lichten, en dy wie bij de heuvel opslûpt as in iensume kweade geast, dy't rêst socht mar net fine koe. In klamme en slim kâlde mist, dy't langsum yn weagens oandriuwen kaam, dy't dúdlik te sjen elkoar opfolgen en oerelkoar hinne skoden, as de weagens fan in siikmeitsjende see. Dy mist wie ticht genôch om alles bûten it ljocht fan de koetslampen ûnsichtber

te meitsjen, útsein harsels en in pear trêden fan de dyk, en de damp fan de bodzjende hynders stoomde dêryn op, krekt as hienen sij dat allegear feroarsake.

Behalve dy iene passazjier peazgen der nêst de koets noch twa oaren omheech. Alle trije wienen se oan de wangbonken en de earen ta ynpakt, en se hienen learzens oan. Gjiniën fan dy trije hie op grûn fan wat se sjen koenen sizze kinnen hoe't dy beide oaren der útseagen, en elk fan harren wie suver ûnder likefolle lagen oan it geasteseach fan syn twa maten ûntlutsen as oan de eagen fan it lichem. Yn dy tiid wienen reizgers o sa foarsichtich om te gau fertroulik te wurden, want iderien op dy dyk koe in rover wêze of mei rovers heule. Wat dat lêste oangiet, as der yn elk wikselplak en herberge ien wêze koe dy't troch de 'kaptein' betelle waard, oft dat no de weard wie of de leechste stalfeint, dan wie soks absolút net ûnwierskynlik, dat de kondukteur fan de postkoets nei Dover wie ek fan dat betinken, dy freedtenacht yn novimber 1775, wylst dy bij Shooter's Hill opwrotte en hij op syn eigen plakje achterop de postkoets stie, en mei de fuotten stampend in eachje en in hân op de wapenkiste foar him hold, mei dêryn in laden donderbus boppe-op sa'n seis of acht laden hynstepistoalen, en dy wer boppe-op in laach lange knyften.

De postkoets nei Dover wie it âlderwenst sa mei besteld dat de kondukteur de passazjiers fertocht, de passazjiers elkoar fertochten en ek de kondukteur, dat se allegearre alle oaren fertochten, en dat de koetsier nergens oars seker fan wie as fan de hynders, dêr't er mei in suver geweten op de twa testaminten fan sweward hawwe soe dat dy dy reis net treast wienen.

'Hurre-hurre!' sei de koetsier. 'Moai sa! Noch ien kear goed oanskuorre en dan binne jim boppe, en ferrek jim mar, want it hat mij moeite genôch koste om jim safier te krijen! Joe!'

'Ja, wat no!' antwurde de kondukteur.

'Hoe let hast it, Joe?'

'In goed tsien minuten nei alven.'

'Godfergemy!' rôp de brimstige koetsier, 'en noch net iens boppe-op de Shooter! Ksst! Sjit op jimme!'

It daamsteech hynder, troch de swipe dúdlik op oare gedachten brocht, sette no fiks ta en de trije oaren folgen syn foarbyld. De postkoets wrotte opnij troch, mei de peazgjende learzens fan de passazjiers dêrnêst. Dy wienen even stean bleaun doe't de koets dat ek dien hie, en se wienen dêr deun nêst bleaun. Hie ien fan harren ek mar sa dryst west om in oar foar te stellen om in eintsje yn de mist en it tsjuster troch te rinnen, dan hie er flink it risiko rûn om daalk as strûkrover delsketten te wurden.

Dy lêste raam brocht de koets nei boppe-op de heuvel. De hynders stoppen om út te pûsten, en de kondukteur stapte ôf om it remblok oan it tsjil fêst te meitsjen foar de reis nei ûnderen, en om de doar foar de passazjiers iepen te dwaan.

'Hee, Joe!' rôp de koetsier warskôgjend, nei ûnderen sjend fan syn sitplak ôf.

'Wat seiste, Tom?'

Se harken beide.

'Ik wol leauwe dat dat der in hynder oandrafkjen komt, Joe.'

'Neffens mij in fjouwerjend hynder, Tom,' antwurde de koetsier, en linich nei syn plakje kladderjend liet er de doar los. 'Hearen! Ut name fan de koaning, it is oan jimme!'

Mei dy hastige oanmoanning sette er de donderbus op skerp en makke er him klear foar de ferdediging.

De passazjier dêr't dit ferhaal oer giet stie al op it trepke om deryn te gean, en de oare twa stienen deun achter him, ek klear om yn te stappen. Hij bleau op it trepke stean, heal bûten en heal deryn. De oaren bleauwen op de dyk ûnder him stean. Se seagen allegear fan de koetsier nei de kondukteur, en fan de kondukteur nei de koetsier, en harken. De koetsier seach achterom en de kondukteur seach achterom, en sels it daamsteech liedend hynder stuts de earen op en seach ek achterom, sûnder har tsjin te sprekken.

De stilte nei it ratteljen en gewrot fan de koets, foege bij de stilte fan de nacht, makke dy wol heel stil. It hymjen fan de hynders liet de koets ek wat trilje, as wie dy wat oerstjoer. De harten fan de passazjiers sloegen miskien wol lûd genôch om hearre te kinnen, mar yn elk gefal wie it yn dat stille skoftke goed te hearren dat

minsken achter de pûst wienen en de siken ynholden, en dat har harten yn ôfwachting flugger sloegen.

Der wie te hearren dat in fjouwerjend hynder mei faasje bij de heuvel opstode.

‘Ho dêr!’ raasde de kondukteur sa lûd er koe. ‘Do dêr. Halt! Of ik sjit!’

De gong wie der ynienen út en mei in bulte gespat en geglyster rôp in manljusstim út de mist wei, ‘Is dit de koets nei Dover?’

‘Giet dij niks oan!’ antwurde de kondukteur. ‘Wa bisto?’

‘Is dit de koets nei Dover?’

‘Wêrom wolst dat witte?’

‘Ik moat in passazjier hawwe, as dat sa is.’

‘Hokker dan?’

‘De hear Jarvis Lorry.’

Us bekende passazjier liet daalk witte dat dat syn namme wie. De kondukteur, de koetsier, en de twa oare passazjiers seagen him erchtinkend oan.

‘Bliuw dêr stean,’ rôp de kondukteur nei de stim yn de mist, ‘want as ik in fout meitsje soe, dan soe dy bij dyn libben noait wer goedmakke wurde kinne. Jo menear, mei de namme Lorry, jou dúdlik beskie.’

‘Wat is der te rêden?’ frege dy passazjier doe, mei wat in triljend lûd. ‘Wa wol mei mij prate? Is dat Jerry?’

‘Ik mei net oer dy Jerry syn stim, as dat Jerry is,’ grommele de koetsier bij himsels. ‘Hij klinkt heazer as mij befalt, dy Jerry.’)

‘Ja, menear Lorry.’

‘Wat is der te rêden?’

‘In achter jo oanstjoerd berjucht fan de oare kant, T. en Ko.’

‘Ik ken dy boadskipper, kondukteur,’ sei Lorry, en hij stapte wer op de dyk, dêrbij fan achteren flugger holpen as wol fatsoenlik wie troch dy oare twa, dy’t gau de koets ynstrûsden, de doar tichtlutsen, en it rût omheechskoden. ‘Hij mei wol tichtbij komme. Der is niks mis mei him.’

‘Ik hoopje mar dat dat sa is, mar dêr bin ik noch net iens sa wis fan,’ sei de kondukteur batsk tsjin himsels. ‘Hee, do!’

‘No. Goejûn dan!’ sei Jerry, noch heazer as dêrfoar.

‘Kom stapfoets tichterbij, begrepen? En ast holsters oan dat sadel fan dij hingjen hast, lit mij dan net sjen dat dyn hân dêr tichtbij komt. Want ik fersin mij alderduvelst gau en as ik dat doch, dan krijt dat de foarm fan lead. Dat, lit mij even nei dij sjen.’

De foarmen fan in hynder en syn berider kamen stadich út de wieljende mist tefoarskyn, nest de koets, dêr’t de passazjier stie. De ruter bûgde foaroer, en omheechsjend nei de kondukteur oerlange er de passazjier in opteard bryfke. It hynder fan dy ruter wie achter de pûst en hynder en berider sieten ûnder it slyk, fan de hynstehoeven ôf oan de hoed fan de man ta.

‘Kondukteur!’ sei de passazjier, op kalme en saaklik fertroulike toan.

De skerp oppassende kondukteur, mei de rjuchterhân oan de kolf fan syn omheechholden donderbus, syn linkerhân oan de loop, en syn each op de ruter, antwurde koartôf, ‘Menear!’

‘Der is neat om bang foar te wêzen. Ik bin fan de Telsonbank. Jo kenne dy bank wol yn Londen. Ik gean foar saken nei Parys. In kroan foar jo as drinkjild, as ik dit lêze mei?’

‘As jo dat mar fluch dogge, menear.’

Hij tearde it bryfke yn it ljocht fan de koetslampe oan dy kant iepen, en lies it – earst foar himsels en doe lûdop: ‘“Wachtsje yn Dover op Mam’selle.” In koart bryfke, sju’ jo wol, kondukteur. Jerry, sis dat myn antwurd wie, WER TA LIBBEN BROCHT.’

Jerry skrok op yn syn sadel. ‘Dat is wol in heel nuver antwurd,’ sei er, op syn alderheast.

‘Nim dat boadskip mei werom, en dan witte se wol dat ik dat ûntfongen haw, likegoed as hie ik it sels skreaun. Mar gau wer werom no, en goede reis!’

Mei dy wurden iepene de passazjier de koetsdoar en stapte er yn, helendal sûnder help fan de oaren, dy’t gau har horloazjes en beurzen yn har learzens weimoffele hienen, en no beide bearden dat se slipten, mei gjin oar doel as om mar net it risiko te rinnen wat oars dwaan te moatten.

De koets hobbele wer fierder, wylst dy bij it nei ûnderen riden

troch noch tichtere mistflarden omsletten waard. De kondukteur stoppe al gau de donderbus wer yn de wapenkiste, en nei de rest ynspekteard te hawwen, en ek de ekstra pistoalen oan syn rym, beseach er ek noch in lytser kistke ûnder syn sitplak, mei dêryn wat smidsark, in pear toartsen, en in tondeldoaze. Want hij wie sa goed útrist dat, as de koetslampen troch de stoarm útblaasd waarden, wat wolris foarkaam, dan hoefde er himsels allinne mar even binnenyn op te sluten, de flintstien en de fonken goed bij it strie wei te hâlden om sa binnen fiif minuten frij feilich en maklik ljocht te meitsjen (as er gelok hie).

‘Tom!’ klonk it sacht oer it dak hinne.

‘Ja, Joe.’

‘Hast heard wat der sein is?’

‘Jawis wol, Joe.’

‘Wat tinksto dêrfan, Tom?’

‘Helendal niks, Joe.’

‘Dat is ek tafallich,’ beprakkesearde de kondukteur, ‘want sa giet it mij ek.’

Jerry, allinne achterlitten yn mist en tsjuster, wie yntusken ôfstiigd, net allinne om syn wurch hynder wat útrêste te litten, mar ek om it slyk fan syn gesicht te rossen en it wetter fan de râne fan syn hoed te snjitten, dy’t grut genôch foar wol in pear liter wie. Mei de leie oer syn dweiltrochwiete earm stie er dêr, oant de tsjillen fan de postkoets net mear te hearren wienen en de nacht wer stil wurden wie, om him dêrnei om te draaien en nei ûnderen te rinnen.

‘Nei dat gefjouwer fan Temple Bar, âlde, fertrou ik dyn foarpoaten pas wer as we op it sljuchte stik bedarre binne,’ sei dy heaze boadskipper, syn merje oansjend. ‘Wer ta libben brocht.’ Dat is wol in alderduvelst nuver berjucht. Soks soe *dij* helendal net goed útkomme, Jerry! Heden noch ta, do soest der min oan ta wêze as wer ta libben brocht wurde moade wurde soe, Jerry!’

HAADSTIK III

It Nachtlík Tsjuster

It is in bjusterbaarlik feit om oer nei te tinken dat elk minsklik skepsel sa yninoar sit dat it foar elk oar skepsel in djip geheim en mystearje is. As ik nachts in grutte stêd ynkom betink ik altyd plechtich dat elk fan dy tsjustere huzen dêr syn eigen geheim besit; dat elke keamer yn elk fan dy huzen syn eigen geheim besit; dat elk klopjend hart yn dy hûnderttûzenen boarsten dêr yn syn gedachten in geheim is foar it hart dêrnêst! Wat fan it ûntsachlike, sels ek fan de dea, hat hjirmei te krijen. Net langer kin ik dan de siden omslaan fan dat dierber boek dat mij sa leaf wie, en dat ik om 'e nocht hoopje oait noch ris helendal út te lêzen.

Net langer kin ik dan yn de djipste stoarje fan dat net te bedjipjen wetter, wêryn't ik, as der even wat ljocht ynfallen is, in glimp opheine kinnen ha fan begroeven skatten en oare djip weisonken dingen. It wie foarbeskikt dat dat boek foar ivich en ivich tichtklappe soe as ik pas ien bledside lêzen hie. It wie foarbestimd dat it wetter foar ivich befrieze soe wylst it ljocht syn oerflak beskynde en ik ûnwittend oan de kant stie. Myn freon is dea, myn buorman is dea, myn skat, de alderleafste fan myn siele, is dea; it is de ûnûntkombere bestjurring en feriviging fan it geheim dat altyd deel fan dat individu útmakke hie, en dat ik ek yn myn eigen binnenst oan myn dea ta meidrage sil. Is dêr yn elk fan dy begraafplakken fan dy stêd dêr't ik trochhinne reizgje in slieper dy't foar mij riedselachtiger is as de drokbesette bewenners yn it djipst fan har hart dêr, of dat ik dat foar har bin?

Wat dat oanbelanget, te witten syn natuerlik en ûnferfrjemdbere erfskip, wie dy boadskipper op it hynder like ryk as de koaning, de earste minister, of de rykste Londense keapman. En dat wie krekt sa mei dy trije passazjiers, opsletten as dy sieten yn de nauwe romte fan ien ratteljende âlde postkoets; it wienen mystearjes foarelkoar,

like folslein as hie elk fan harren yn syn eigen koets sitten mei seis hynders derfoar, of sechtich derfoar, mei de hele breedte fan in graafskip tusken elk fan har yn.

Dy boadskipper ried op in gemoedlik drafke werom, wol reedlik faak even oanstekkend bij in kafee foar in drankje, mar sûnder botte praatsk te wêzen en hij hold de hoed foar de eagen. Hij hie eagen dy't heel goed bij dy útdossing pasten, sa te sjen swart, sûnder djipte fan kleur of foarm, en fierste ticht bijelkoar steand – krekt as wienen se benaud om elk apart ergens op betrape te wurden as se te fier útinoar stean soenen. Se hienen in sinistere útdrukking, ûnder in âlde steek as in trijehoekige kwispedoar, en boppe in grutte sjaal om it kin en de strôte, dy't suver oan de knibbels fan de drager ta kaam. As er even ho-hold om wat te drinken, dan ferskode er dy sjaal inkeld mar even mei de linkerhân wylst er syn drank nei binnen geat. Sa gau't dat klear wie, skode er dy wer teplak.

'Nee, Jerry, nee hear!' sei dy boadskipper, bij it riden op ien ûnderwerp omprakkesearend. 'Dat soe foar dij niks wêze, Jerry. Jerry, do earlike ambachtsman, dat soe net passe bij *dyn* work! Weromroppen! Fergemy, je soenen suver tinke dat er wat ophie!'

Syn boadskip fernuvere him sa dat er ferskeidene kearen yn de wille wie en set de hoed ôf om him even achter de earen te klauwen. Behalve boppe op syn plasse, dy't wat plústerich keal wie, hie er stiif swart hier dat oeral rûch rjuchtoerein stie, en hast oan syn brede stompe noas ta nei ûnderen groeide. Dat like sa op it wurk fan in smid, sa folle mear op de boppekant fan in muorre mei skerpe izeren punten derop as op in holle mei hier, dat de bêste bokjespringers him mijd hawwe soenen as de gefaarlikste man op de wrâld om oerhinne te springen.

Wylst er weromdrafke mei it boadskip dat er oan de nachtwacht oerbringe moast yn syn hokje bij de doar fan de Tellsonbank, bij Temple Bar, dy't it dan wer oan de gruttere hearen binnenyn oerbringe moast, naam it nachtluk tsjuster sokke foarmen oan as fuortkamen út dat boadskip, en die dat ek foar de merje op grûn fan *har* eigen skrikbylden. Dy liken der bij de rûs te wêzen, want se skrille tebek foar elk skaad op de dyk. Underwilens wrotte, skokte,

rattele en hobbele de postkoets fierder op syn ferfeelsome wei, mei syn trije kollega-mystearjes binnenyn. Foar wa't lyksa de skaden fan de nacht harsels iepenbieren yn de foarmen dy't har slomjende eagen en doarmjende gedachten suggerearden.

De Tellsonbank waard yn dy postkoets bestoarme. Wylst de bankpassazjier – mei ien earm troch de learen strûp hinne, dy't die wat dy koe om te foarkommen dat er tsjin de oare passazjier oanhompte en him it hoekje yndrukte, alle kearen as de koets in rare gisel makke – op syn plakje siet te drôgjen, mei de eagen healticht, waarden de lytse koetsrútsjes en de sunich dêrtrochhinne glimmende koetslampe en de massive foarm fan de passazjier tsjinoer him de bank sels, en wie it dêr in drokte fan belang. It ratteljen fan it gereid wie it rinkeljen fan jild, en der waarden yn fiif minuten mear wikselpapieren te jilde makke as de Tellsonbank, sels mei al syn bûten- en binnenlânse kontakten, oait yn trije kear safolle tiid fersulvere hie. Doe gongen de ûndergrûnse klûzen yn Tellson, mei alle weardefolle ynhâld en geheimen dy't oan de passazjier bekend wienen (en dat wie net sa'n bytsje) foar him iepen, en hij gong dêr nei binnen mei de swiere kaaien en de swak brânende kers, en seach dat dy feilich wienen, en sterk, en ynoarder, en rêstich, krekt sa't er dy foar it lêst sjoen hie.

Mar ek al wie de bank suver altyd bij him, en al wie de koets (op in betiisde manier, as de oanwêzichheid fan pine ûnder in ferdoovjend middel) de hele tiid bij him, der wie in oare stroom yndrukken dy't nooit opholden, de hele nacht lang. Hij wie ûnderweis om ien út in grêf te dollen.

Op dat stuit jûch it nachklik tsjuster net oan wat yn dy mannichte gesichten foar him no it werklike gesicht wie fan dy begroeven persoan: mar it wienen allegear de gesichten fan in man fan fiifenfjirtich jier, en dy ferskilden yn haadsaak yn de gefoelens dy't se útdrukten en yn har grouwêlich deawurge en fermeagere steat. Grutskens, minachting, útdaging, koppichheid, ûnderwerping, treurichheid, it iene jage it oare, lykas ek de ûnderskate foarmen fan ynfallen wangen, in lykbleke kleur, útmergele hannen en earmen. Mar it gesicht wie oer it algemien itselde, en elk gesicht wie foar

syn tiid griis. De drôgjende passazjier woe fan dy ferskinging wol hûndert kear witte: ‘Hoe lang al begroeven?’

It antwurd wie hast altyd itselde: ‘Hast achttjin jier’

‘Jo hienen alle hoop ferlern om oait útgroeven te wurden?’

‘Al heel lang.’

‘Witte jo dat jo wer nei it libben weromroppen wurde?’

‘Dat seit men.’

‘Ik hoopje dat jo noch libje wolle?’

‘Kin ik net sizze.’

‘Sil ik har oan jo sjen litte? Wolle jo meikomme om har te sjen?’

De antwurden op dy fraach ferskilden en sprutsen inoar tsjin. Soms wie it emosjoneel antwurd, ‘Wacht! It soe myn dea wêze om har te gau te sjen.’ Soms waard dat jûn yn in oergefoelige floed fan triennen, en dan wer mei de wurden ‘Bring mij nei har ta.’ Soms stoarre er folslein fan de wize foar him út, en dan wer wie it, ‘Ik ken har net. Ik begryp it net.’

Nei sa’n sabeare petear begûn de passazjier yn syn ferbylding te graven en te graven – dan wer mei in lodde, dan wer mei in grutte kaai, en dan mei syn hannen – om dat ellindich skepsel út te graven. Lang om let nei boppen helle, mei it gesicht en it hier noch ûnder de modder, ferwaaide it ynienen ta stof. De passazjier kaam dan mei in skok ta himsels, en dan liet er it rútsje sakje om de werklikheid fan mist en reinwetter op syn wang fjille te kinnen.

Toch, sels as syn iepen eagen de mist en it reinwetter yn har opnamen, it ferskowend plakje ljocht fan de lampen, en de mei skokjes foarbijkommende hage nêst de dyk, dan teraanden de nachtlke skaden bûten de koets hieltyd wer mei de rige nachtlke skaden binnenyn. It echte bankgebou bij Temple Bar, de echte saken fan de ôfrûne dei, de echte klûzen, de echte achter him oanstjoerde boadskipper, en it echte weromstjoerd boadskip, dat wie der dan allegear wer. Midden tusken al dy dingen yn riisde dan dat spookachtige gesicht op en dan spriek er it wer oan.

‘Hoe lang begroeven dan?’

‘Hast achttjin jier.’

‘Ik hoopje dat jo noch libje wolle?’

‘Kin ik net sizze.’

Grave – grave – grave – oant in rimpene beweging fan ien fan de oare passazjiers him moanne om it rútsje wer omheech te lûken, syn earm wer stevich troch de learen strûp te stekken, en om oer de twa slomjende foarmen te prakkesearen, oant syn geast har wer losliet en dy wer fuortglieden de bank en it grêf yn.

‘Hoe lang begroeven?’

‘Hast achttjin jier.’

‘Jo hienen alle hoop opjûn om oait útgroeven te wurden?’

‘Lang lyn al.’

Dy wurden wienen noch te hearren as wienen se krekt útsprutsen – sa dúdlik te hearren as útsprutsen wurden dat oait yn syn libben west hienen – doe’t dy wurge passazjier him hommels bewust waard fan it deiljocht, en fernaam dat it tsjuster fan de nacht ferdwûn wie.

Hij liet it rútsje sakje en seach nei bûten nei de opkommende sinne. Der wie in ôfrinnend stik beploege lân, mei dêrop in ploege dêr’t dy de jûns dêrfoar stean bleaun wie, doe’t de hynders útspand wienen. In ein fierderop in stil hakhoutboskje, dêr’t oan de beammen noch heel wat fjoerreade en goudgiele blêden hongen. Al wie de ierde kâld en wiet, de loft wie skjin, en de opkommende sinne wie helder, fredich en prachtich.

‘Achttjin jier!’ sei dy passazjier, nei de sinne sjend. ‘O goedgeunstige skepper fan de dei! Om achttjin jier lang libben begroeven te wurden!’

HAADSTIK IV

De Tarietàing

Doe't de postkoets yn de rin fan de moarn sûnder ûngemakken yn Dover oankommen wie, die it haad fan it personiel fan it Royal George Hotel, sa't er wend wie, de koetsdoar iepen. Hij die dat mei in swierige swaai as fan in searemoanjemaster, want in reis yn de winter mei de postkoets út Londen wie in prestaasje om de avontuerlike reizger mei te fylsetearen.

Tsjin dy tiid wie der noch mar ien avontuerlike reizger oer om fylseteard te wurden, want de twa oaren wienen al bij har respektivelike bestimmingen nêst de dyk ôfsetten. De muffige binnenkant fan de koets, mei syn dampich en smoarch strie, syn ûnoangename rook, en syn healtsjuster hie in bulte fan in grutter soarte hûnehok. Lorry, de passazjier, dy't himsels dêr yn slierten fan strie, in rûchwei om him hinne tearde rûge reistekken, in sloppe hoed en bemoddere skonken útwrotte, seach der suver út as in grutter soarte hûn.

'Is der moarn in pakketboat nei Calais, ober?'

'Jawis, menear, as it waar meiwierret en de wyn út de goede hoeke waait. It tij sil om twa oere de middeis reedlik geunstich wêze, menear. Noch even op bêd, menear?'

'Ik gean foar de nacht net op bêd, mar ik wol wol in sliepkeamer hawwe, en in barbier.'

'En dan brea-ite, menear? Goed, menear. Dy kant út, menear, as jo wolle. Bring menear nei Concord! De reiskoffer fan menear en hyt wetter nei Concord. Lûk de learzens fan menear út yn Concord. Jo treffe dêr in skoander stienkoalfjurke oan, menear. Stjoer de barbier nei Concord. Opsjitte no, nei Concord!'

Omdat de keamer mei de namme Concord altyd tawiisd waard oan in passazjier fan de postkoets, en de postkoetspassazjiers altyd tsjok fan kop ta tean ynpakt wienen, wie dy keamer foar de lju fan

de Royal George altyd nijsgjirrich yn dy sin dat, hoewol't der mar ien soarte persoan sjoen waard bij it nei binnen gean, der altyd alderlei soarten ferskillende persoanen út nei bûten kamen. Fandêr dat in oare ober, en twa dragers, en ferskeidene fammen en de frou fan de baas tafallich allegear op ferskillende plakken tusken de Concordkeamer en de kofjekeamer oan it omdangeljen wienen, doe't dêr in hear fan sechtich, formeel klaaid yn in brún pak, net al te nij, mar wol goed fersoarge, mei grutte fjouwerkante mansjetten en grutte bûsflappen, lâns kaam op wei nei syn brea-iten.

De kofjekeamer dy moarns siet gjin oarenien yn as de hear yn it brún. Syn brea tafel wie foar it fjoer lutsen, en doe't er dêr op syn iten siet te wachtsjen, sa mei it ljocht op him skinend, siet er dêr sa stil dat it krekt like as siet er foar syn portret te posearen.

Hij seach der o sa krekt en netsjes út, mei ien hân op elke knibbel, en mei in horloazje dat ûnder de flappe fan syn festje lûd in plechtige preek siet te tikjen, krekt as stelde it syn earnest en lang libben tsjinoer de lichtsinnichheid en fergonklikheid fan dat fiks brânend fjoer. Hij hie goed foarme skonken, en wie dêr in bytsje grutsk op, want syn brune hoazzen pasten him glêd en strak, en wienen fyn fan weefsel; syn skuon en gaspen, hoewol ienfâldich, wienen ek netsjes. Hij droech in nuver glânzjend krulderich en flaaskleurich prúkje, dat him heel strak om de holle sleat; hokker prúk, mei men oannimme, wol fan hier makke wie, mar der folle mear útseach as wie dy fan side of fan glês weefd. Syn linnen, hoewol net sa fyn as syn hoazzen, wie like wyt as de koppen fan de weagens dy't op it strân dêrnêst brutsen of as de flardsjes seil dy't fier op see yn de sinne opljochten. In gesicht dat gewoanlik útdrukkingsloas en rêstich wie, waard toch ûnder dy nuvere prúk sa ferlibbendige troch in pear helderglânzjende eagen, dat it har besitter yn foarbije jierren wat moeite koste hawwe moat om se te twingen ta de kalme en reservearde útdrukking fan de Tellsonbank. Hij hie in sûne kleur op syn wangen, en syn gesicht, hoewol rimpele, droech lykwols net folle spoaren fan soargen. Mar miskien wie it fertroulike ûngetroude personiel bij de Tellsonbank yn haadsaak belêste mei de soargen fan oaren, en miskien strûpt men twaddehânssoargen, krekt as twaddehânsklean, maklik oan en út.